

It Fryske tydskrift foar bern yn de middenbou

Tsjil

Groep 4-5-6

Achter-
nammen

Yn
beweging

De nijste lêsböeken

Utstapkes yn Fryslân

Nynke sport hast alle dagen

Spesjaal foar de middenbou

Lêsräp

Jiergong 28
Edysje MB1

1



3	Kom fierder Sprekwurden
4	Gedicht Myn hûntsje
5	Eefkes foarstelle Markol
6-7	Sjoch my Nynke van Dijk
8	Lêstips De nijste boeken
9	Rap Lês der op los
10-11	Koart ferhaal Opmeitsje
12-13	Skoaltv filmkes fan Tsjil
14-15	Tsjilpost Achternammen
16-17	Tsjek dit Utstapkes yn Fryslân
18	Resept Bananemuffins
19	Puzelside Puzels en mopkes
20	Strip Josje



5



8



16



Tsjil is in tydskrift foar learlingen fan 'e basisskoalle.

Haadredaksje:
Tjitske van Akker, Cedin
Einredaksje:
Tsjomme Dijkstra
Opmaak:
Grafysk / Gerke A. Hofstra
Foarmjouwing:
Monique Vogelsang
Foto foarkant:
Hilda Tjepkema

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten
088 0200 300
tsjil@cedin.nl
ISSN: 1389-348X

Cedin

Tsjil is fergees oan te freegjen fia www.taalplan.frl/oanmelde. It tydskrift foar de middenbou wurdt twa kear yn it jier as klassepakket útjûn.
De digitale ferzy is te finen op www.cedinonderwijs.nl/tsjil

De redaksje fan Tsjil hat besocht om fêst te stellen wêr't byldmateriaal weikomt om de fereaske tastimming foar publikaasje te krijen. Elk dy't lykwols tinkt rjochten te hawwen, kin kontakt opnimme mei tsjil@cedin.nl.

Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk yn de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's. Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking fan Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk, NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko, SFBO en de provinsje Fryslân.
www.taalplan.frl

Frysk, foar no en letter

Ha goeie

Dizze Tsjil is spesjaal foar bern fan sawat 7 oant 10 jier. Dochs fine âldere bern en grutte minsken dit miskien ek wol in moai boekje. It tydskrift stiet fol mei moaie ferhaaltsjes, in gedicht, puzels, in ynterview en noch folle mear. Do kinst it sels lêze mar juf of master kin jim ek foarlêze. Fia cedinonderwijs.nl/tsjil kinne jim dizze Tsjil ek op it digiboerd besjen.

Yn ús taal komst sa no en dan frjemde wurden of sinnen tsjin. As der immen foar de doar stiet, kinst sizze: 'kom fierder'. Dan kin hy of sy deryn komme. Mar der binne ek wol siswizen of sprekwurden dy't net sa maklik binne. Soms sjochst se wol op in tegeltsje stean. Mei in sprekward seist wat oars as datst eins bedoelst. In foarbyld hjirfan is: mei de doar yn hûs falle. Dat betsjut datst daliks seist wat it nijs of dyn miening is. Dan bringst it nijs sa gau, datst eins net iens tiid hast om de doar fatsoenlik iepen en ticht te dwaan.


Witte jim wat dizze sprekwurden betsjutte?

1. Dat rint as in trein
2. Hy falt mei de noas yn 'e bûter
3. De apel falt net fier fan 'e beam
4. It is mei sizzen net te dwaan
5. Nei rein komt sinneskyn

In soad (lê)s wille mei dizze Tsjil!

Groetnis,

Tjitske



Antwurden

1. Dat giet harslikke goed
2. Hy hat in soad gelok
3. Bern lykje in soad op har âlders
4. Net prate, mar dwaan!
5. Nei in minne tiid sil it wer better wurde

Myn hûntsje

Ik haw in hiel lyts hûntsje
dat hûntsje is fan my.

Rin ik troch de strjitte
dan rint hy njonken my.

Op syn koarte poatsjes
springt er op en del
en sjocht er frjemde manlju
dan wurdt er o sa fel.




Ik haw in hiel lyts hûntsje
dat hûntsje is fan my.

Dat hûntsje is in wûnder,
stik bûter yn myn brij.

Stean ik soms te sjongen
hâldt er syn eagen ticht,
syn earkes geane hin-en-wer
it is in moai gesicht.

Lis ik nachts te sliepen
dan leit er op myn spreij,
want hy is myn bewaker
myn hûntsje past op my.
Sa bin ik oeral feilich,
ik stean by him yn 't krypt.
Ik haw in hiel lyts hûntsje,
ik wol him noait wer kwyt.



De markol



Der is gjin park, kanaal of sleat yn Nederlân sûnder **markollen**. Swiet wetter en wat **reid** is genôch foar dizze fûgel.

De markol kenst der altyd út. Mei syn swartgrize kleur en helder wite **blês** en wite snaffel falle se goed op. Fan tichteby sjochst ek dat markollen reade eagen ha.

Markollen ite foaral gers en wetterplanten. Mar se snippe soms ek wolris in slakje of in wjirm. Soms dûke se ûnder wetter om in **moksel** te skoaren.

It nêst fan de markol leit yn it reid. It is makke fan alles wat mar yn it wetter driuwt. Yn it nêst komme 6 oant 10 aaien te lizzen. De aaien binne wyt mei lytse swarte stipkes en sa grut as in **hinne-aai**. Markollen briede ûngefear 25 dagen. Markolpykjes ha opfallend oranje/reade fearkes op 'e kop.

Markollen wurde net bedrige. Der binne mear as 100.000 **pearkes** yn Nederlân. Yn strange winters kinne se it wolris **dreech** ha. Se foarmje dan soms grutte groepen op 'e mar om in **wek** iepen te hâlden om yn te swimmen.

Markollen lykje wol in bytsje op **reidhintsjes**, mar reidhintsjes binne wat lytser en ha gjin wite mar in reade blês.



Wurdlistke Frysk-Nederlânsk:

markol - meerkoet

reid - riet

blês - bles (wite flek op 'e foarholle)

moksel - mossel

hinne-aai - kippenei

pearkes - paartjes

dreech - moeilijk/zwaar

wek - wak

reidhintsje - waterhoen

Nynke kin net stilsitte

Dat sporte goed foar dy is, wit elkenien. Mar wat ast eins hielendal net stilsitte kinst en ek hast alles leuk fynst? Nynke Eline van Dijk wit der alles fan. Se is njoggen jier en wennet mei heit, mem en broer Redmer yn Ferwert. Se sit yn groep 6 fan CBS op Streek én sit op trije sporten.



Altyd enerzjy

As we Nynke har skema derby pakke, sjogge we dat se op tiisdei net nei in training hoecht. 'Dan boartsje ik faak bûten mei myn freondinnen. Meastal binne we dan op it skoalplein', seit Nynke. Har freondinnen treft se ek by de sporten dy't se docht en se treft ek wol fuotbalfreondinnen út Marrum by jazz. Fansels hawwe se op skoalle ek noch gym, ien kear yn de wike in lange les. 'Wy hiene in kear in gastles follybal mar we dogge ek wol apekoai of we hingje yn de touwen.' Nynke siet earst ek noch op turnjen en dwersfluitles mar fuotbaljen fûn se dochs leuker.

Jazz

De favorite sport fan Nynke is jazzdance by SVKV. 'Dûnsje en bewege fyn ik hiel leuk en dêr past

jazz goed by. Op woansdei is der training yn de grutte groep en op freed sit ik, tegearre mei myn freondin Marije, yn de seleksje op A-nivo. Dat is in lytser groepke en dan oefenje we foar in wedstriid.' Yn febrewaris hat Nynke de tredde priis wûn by de Fryske kampioenskippen op 'e Lemmer. 'Juf siket de muzyk by de dûnsen út en fertelt ús hoe't wy derút sjen moatte by in wedstriid. By jazz ha ik in strak swart pakje oan en mem docht meastal myn hier mei in hierdonut en in skrunsje.'

Fuotbal

In hiel oare sport: Nynke fuotballet by it jeugdteam fan v.v. Wardy fan Ferwert en v.v. Marrum. Op moandei traint it jeugdteam yn Ferwert en op tongersdei yn Marrum. As der

genôch spilers binne en it fjild leit der goed hinne, dan is der op sneons faak in wedstriid. Se hawwe dan fuotbalklean fan de klup oan. Mem mei, as liedster, de tassen tille. 'Yn de winter traine we yn 'e seal en nei de foarjiersfakânsje kinne we wer bûten op it fjild. Soms is it fjild te wiet, dan giet de training net troch. Ik doch mei oan de trainingen oant maaie en begjin dan wer yn septimber. Sa haw ik yn de maitiid en simmer tiid foar it keatsen.'

Keatsen


Yn Ferwert wurdt der yn de simmer hast alle wykeinen keatst. Nynke stiet dan ek graach op it fjild fan K.V. Foswert. 'Ik sit no noch by de kabouters mar ik wol aanst by de welpen. Dan moat ik njoggen meter



opslaan kinne. Dit jier sil ik besykje om oan de federaasjewedstriden mei te dwaan, dan mei ik ek yn oare doarpen yn de buert wedstriidkeatse. Myn broer Redmer docht al mei oan wedstriden yn de KNKB-klasse mar dêr bin ik noch net oan ta.'

Betiid op bêd?

Soest tinke dat Nynke jûns nei it iten wol graach op bêd wol, mar dat is net sa. 'Ik besykje altyd tiid te rekken. Ik bin it wend om altyd te bewegen en ik bin eins noait min.' Om dochs yn sliep te kommen, lêst se op bêd graach in boek, sa as *Nee hast, ja kinst krije*, dat se op skoalle krigen hat. 'Fan lêzen wurd ik rêstich yn 'e holle en kin ik goed sliepe.'



Sipke op 'e buorkerij

Lida Dykstra

(4-99 jier)

It sande diel yn de twatalige rige Gouden Boekjes oer Sipke Piperfûs en syn pake. Dizze kear helpe se boer Hûn op de buorkerij. Boer Hûn is siik! Gelokkich kinne Sipke en pake in dei op 'e buorkerij passe. Der wurdt in kealtsje berne, de kij moatte ferweide wurde, en de buorkerijwinkel moat fansels ek iepen! Underwylst leart Sipke fan alles oer it Fryske lânskip. En as it wurk achter de rêch is, kriget Sipke in hiel bysûnder kado.



Heity! Help!!

Thys Wadman

(7+ jier)

As Hidde op bêd leit, heart er frjemde lûden. Soe dat in bist wêze? Of miskien in meunster? Hidde wurdt bang en ropt om syn heit. Dy moat him helpe. Heit sil it bist of meunster grif wol fange kinne. Of fuortjeie. Mar oft dat slagget?

Dit wie de plestik tiid

Geert-Jan Roebers Oersetten troch Wietske Poelman

(8-88 jier)

Yn 'e fiere takomst wurdt mei ferbazing sjoen nei de tiid dêr't wy no yn libje: de plestiktiid, wêryn't minsken nei in feestje plestik bestek fuortsmieten, bisten yn 'e problemen kamen troch it plestikôffal en fabrikanten mikroplestiks yn toskpoetsersguod dienen. Yn dit boek giest mei Dr. Buis, in plestiktiiddeskundige út 2132, op ekspedysje nei de plestiktiid. Hy fertelt dy alles oer it plestikprobleem: watfoar soarten wienen der, wêr op 'e wrâld hienen se der lêst fan en hokker jonge helden hawwe it plestikprobleem oanpakt. *Dit boek is ek yn it Nederlânsk te krijen.*



De rôf fan de Fryske mummy

Jorrit de Klerk

(8+ jier)

De tolfjierrige Anna mei net mei har âlden mei nei Singapore. No moat se op fakânsje mei har freeslike tante Keet. En dan ek nochris nei de lytste en saaiste camping fan Fryslân. Gelokkich moetet se Wietze. Hy nimt har mei nei de mysterieuze tsjerke yn it doarpke Wiuwert. In tsjerke mei in grut geheim. Want minsken dy't dêr begroeven wurde, feroarje yn mummys! Mar as se in besite oan de tsjerke bringe, sjocht Anna in frou wat fertochts dwaan. Wol sy ien fan de mummys rôfje om achter it geheim te kommen? Of slacht Anna har fantasy op 'e rin? Foar't se it yn 'e gaten hat, komt Anna yn in spannend aventoer telâne en is se miskien wol de iennige dy't de mummy rêde kin. De rôf fan de Fryske mummy is basearre op it echte geheim fan de mummys fan Wiuwert. In mystearje dat al hûnderten jierren lang noch troch gjinien oplost wurde koe. *Dit boek is ek yn it Nederlânsk te krijen.*

Lekker rappe

**Wolsto appe mei dyn beppe, lekker rappe of opskeppe?
Meitsje dyn klasse bysûnder en lêse de rap hjirûnder.
Stel de show op 't skoalplein en haw in soad wille.
Lit elkenien witte dat jim boeken lêze sille!**

**De klip by de Lêse der op los rap kinst maklik fine op
YouTube of op de webside fan Keimpe de krokodil:
<https://keimpe.frl/lesmarfoarwiken/>**

Lêse der op los

Refrein:

Lêse der op los,
ik lêse der op los.
De letters bin' de klos,
want ik lêse der op los.
Lêse der op los,
lêse der op los.
Thús of yn de klas',
ja we lêse der op los!

Ey jong, maat, wat hast om hannen?
Hast ek noch wat moaie plannen?
Ja, ik sil in reus ferslaan
en dan op paad nei in fulkaan!
Bliksempiebe, dat is stoer.
Dat is nochris aventoer!
Ja, ik meitsje hiel wat mei,
't giet der soms mar mâl om weil

Soms dan praat ik mei de bisten,
sykje ik geheime kisten,
moat ik nei spionnetraining,
bring ik brieven nei de kening.
Goh, dat fyn ik ek wol wat!
't Klinkt wol spannend, hoe dochsto dat?
O, hoechst net benaud te wêzen:
hoechst allinnich in boek te lêzen!

Refrein

Soms sykje ik nei huning mei in barchje en in bear,
soms fal ik yn in kninehol en yt ik wat ferkeards,
soms sjou ik mei in hynder en in aapke troch de strjitte,
soms klim ik yn in kraan, want dat kin ik dan net litte.



Der fljocht in beppe oer de dyk en in baron út in kanon.
Ik ha in boatsje mei myn broer en dat hjit Kameleon.
Ja, do hiest dus wol gelyk, lêse is in aardichheid!
It hat allinnich ien probleem: bist de tiid wol samar kwyd...

Se freegje wêr't ik bin, (wêr bist?)
ik sis: 'ik kom dalik,
ik sit yn in boek
en it is bjusterbaarlik.'
Se freegje wêr't ik bliuw, (wêr bliuwst?)
nim it my net kwalik:
Ik siet yn in boek
en it wie bjusterbaarlik.
(Bjusterbaarlik!)

Refrein



**PS: As jim dizze rap dogge en der in filmke fan meitsje, wolle jim dat dan
stjoere nei tsjil@cedin.nl ? Wa wit winne jim in moaie priis!**

Opmeitsje

Pier syn mem is eefkes nei de bakker. Salang moatte Pier en Marieke op Lys passe, it lytse suske fan Pier. Dy sit noch yn 'e boks. Marieke set in plestik tas op 'e tafel. 'Sjoch,' seit se, 'dit ha 'k fan ús pake krigen, mocht ik ha. Hat fan beppe west. Allegear guod om dy op te meitsjen.'

'Om dy op te meitsjen?' Pier sjocht har benijld oan.

'Ja,' knikt Marieke, 'lippestift, kleurkes, neillak en noch folle mear. In hiel taske fol. Us beppe wie in deftich wyfke, jong!' Marieke stalt alles út op 'e tafel en sjocht Pier útdaagjend oan. Pier lûkt oan 'e skouders. 'Wat wolst mei dy troep?' 'No, brûke fansels!'

'Do? Wolsto dy opmeitsje? Doarst dat?'

'Ja, fansels wol,' knikt Marieke, 'do net?'

Pier pakt it fleske neillak en besjocht it fan alle kanten. 'Ik bin in jonge.'

'Wat sjakt dat?' laket Marieke. 'Kom op! Ha jim hjir in spegel?'

Pier rint nei de boks en jout lytse Lys in koekje. 'Wy kinne earst Lys wol opmeitsje, dat is in famke,' seit er. 'Ja hee, leuk,' ropt Marieke, 'dogge we Lys earst! Kinne wy eefkes oefenje.'

'Of Bijke,' gniist Pier.

'De hûn?'

'Ja, wêrom net. Fervje wy Bijke syn neilen read!'

Bijke bliuwt moai yn 'e koer lizzen as Pier en Marieke mei him oan 'e slach geane. De neilen fan syn foarpoaten wurde fjoerread. It kleuret moai by syn swart-wite poatsjes. Syn snút meitsje se read mei lippestift, mar dat slikket hy der like hurd wer ôf.

'Sjoch, dit kin wol ûnder syn eagen.' Marieke hâldt in swart potleadsje omheech.

'Wat is dat?'

'Eachpotlead ... dat brûkt ús mem ek altyd. Dêr tekenet sy lyntsjes mei ûnder de eagen.' Foarsichtich tekenet sy in rûntsje om Bijke syn eagen. It potlead lit goed ôf op de wite hierkes. Bijke lit alles gewurde. Hy kriget ek noch wat read op 'e wangen. Al gau sjocht er derút as in hiel deftich hûntsje.

As Bijke klear is, begjinne Pier en Marieke oan lytse Lys. Dy kriget ek reade lippen en swarte lyntsjes om 'e eagen. Ut en troch litte se har eefkes yn 'e spegel sjen. It lytse famke klapt yn 'e beide hantsjes fan wille en lit beide bern moai gewurde.

'No wy noch!' ropt Marieke. Se stiet alwer by de tafel. 'Jou my dy spegel eefkes. Ik meitsje myn lippen ek read.' Pier siket tusken de túbkes en potsjes. 'Wow,' laket er ynienen, 'sjoch wat ik hjir ha: pearse lak foar op 'e neilen. Dat is wat foar my!' Marieke knikt: 'Ja, en dan moatst dyn lippen swart meitsje! Dat is modern, jong!'

'Okee,' seit Pier. Hy wurdt no ek entûsjast. 'Is der swarte lippestift?' 'Ja, hjirre. Kinst it sels?'

'Jawol.' Hiel presys lit er de swarte stift oer de lippen gean. 'Moai hin?' Grutsk besjocht er himsels yn 'e spegel. Hy laket eefkes nei lytse Lys. Dy sjocht him mei grutte eagen oan.

'Hoe let is it eins?' skrikt Pier ynienen, 'ús mem sil ek wol hast weromkomme.'

Hy hat it noch net sein, of de doar swaait iepen. Eefkes stiet mem sprakeleas op 'e drompel. Dan begjint se te laitsjen. 'Wat ha jim no wer dien? Hoe komme jim oan dat guod?'

'Dat hie 'k fan pake krigen. Mochten we brûke,' seit Marieke wylst se gau alles oprommet.

'Hie jim pake dat sels net mear nedich?' laket Pier syn mem. 'No,



jim binne in pear portretten hear.
Letterlik!’

As lytse Lys jûns út it bad komt, is se wer sûkerskjin. Pier ek. Hy hat eefkes ûnder de dûs west, allinnich... syn neilen binne noch pears. De lak wol der net mear ôf. En de oare moarns moat er wer nei skoalle...

It is al let, mar Pier dangelet om. Krekt as wol er net op ‘e tiid komme. Hy sjocht yn ‘e kleankast en siket yn ‘e kiste ûnder de kapstôk, mar hy fynt

net wat er siket. Op it lêst sjocht er syn mem wanhopich oan. ‘Mem... wêr binne myn wanten?’

‘Wanten?’ ropt mem ferheard, ‘woesto wanten oan nei skoalle?’

‘Ja.’

‘Jonge, it is hartstikke moai waar! Ik ha dyn wanten al lang opromme.’

‘Mar moarns betiid is it noch kâld, hear.’ Pier wriuwt yn ‘e hannen krekt as hat er no al kâlde fingers.

‘No, dan dochs dyn hannen mar yn ‘e bûse.’

‘Mar dan kin ik net drave en net boartsje,’ suchtet Pier, ‘ik wol leaver de wanten oan. Ik haw wier kâlde hannen, hear!’

Mem skodhollet net begripend. Se sjocht nei syn hannen, dan ynienen fearret se op. ‘Ferhip, koest wol gelyk ha.’ seit se. ‘Do hast iiskâlde hannen... ik sjoch it, se binne der pears oer! Ik sil dyn wanten daalks opsykje en as ik dý wie, hold ik se yn skoalle ek mar oan, want mei dit moaie waar sil de kachel grif ek net brâne!’

Nei it lêzen

1. Fûnst dit in grappich ferhaal?

Ik fûn dit ferhaal wol/net grappich, want

Ast it wol grappich fûnst, set dan in streek ûnder it stikje watst it grappichst fûnst.

Ast it net grappich fûnst, wat soest dan oan it ferhaal feroarje wolle? Ik soe feroarje.....

2. Pier en Marieke meitsje harren sels én oaren op. As de mem fan Pier thúskomt, moat se derom laitsje. Wêrom moat sy laitsje tinksto? Bepraat mei in klasgenoat.

3. Pier siket nei syn wanten. De mem fan Pier begrypt earst net wêrom. Fertel ris wêrom asto tinkst dat Pier syn wanten ha wol. Brûk de tekst om nei bewiis foar dyn antwurd te sykjen.



Tsjille Filmkes

By in hiel soad tema's yn jimme klasse binne Frysktalige filmkes makke. Op tsjil.omropfryslan.nl kinst se allegear sjen. Kinst sykje op tema of op leeftiid. Fansels binne der ek moaie podcasts en harkboeken. Op dizze side fynst in oantal tips.



1. André & Alfred

André en Alfred hawwe in eigen tiidmasine boud. Dêrmei fleane se werom yn de tiid en belibje de spannendste aventoeren. By de útstjoerings sit in lesbrieff foar master of juf, in opdracht om it riedsel op te lossen en wurkblêden dy't by it tema passe.

2. Tsjil international

By Tsjil international kinst it ferskil sjen tusken Fryslân en in oar lân op 'e wrâld. Der binne al hiel wat filmkes makke. Miskien fine jim útstjoering 10 oer sûkerbôle wol aardich om te sjen. Fynsto sûkerbôle ek sa lekker? Hoefolle sûker giet der eins yn Fryske sûkerbôle? En wat yt Bauke yn Albanië as hy sûkerbôle hiel bot mist? Ast sels sûkerbôle meitsje wolst, kinst it resept fine yn de temateek fan groep 5-6 yn Spoar 8.



3. SPUL

Laura en Willem geane mei-inoar de striid oan. Wa hat oan de ein fan SPUL de measte punten en is de winner by it fierflybjen, treprinnen of hobbyhorsen?




4. Scoute mei Berend

Berend giet mei Arjen de Boer fan Omrop Fryslân op syk nei de sporttoppers fan de takomst. Se sjogge by sporten sa as basketbal, kuorbal, fuotbal, fierljeppen, follybal en it reedriden.

5. Tsjil Tsjekt! Tsallenge

By it programma Tsjil Tsjekt! foar groep 7-8 sit ek altyd in útdaging of in wedstriid. Dêr kinne jim yn groep 4,5 en 6 fansels ek oan meidwaan. Wa yn jimme klasse kin it langste wurd betinke of welke groep besiket in glydbaan te meitsjen dy't sa min mooglik wetter fergriemt?



6. Printsjeboeken yn alle talen

En dan noch in hiele oare tip: op de webside fan prentenboeken in alle talen fynst in hiel soad printsjeboeken, dy't ynsprutsen binne yn ferskillende talen. Fan Sineesk oant Arabysk en fan Farsi oant Sweedsk. Der steane ek 12 Fryske ferhalen op dizze webside. Miskien fine jim it ek aardich om ris in boek yn it Frysk foar te lêzen en op te nimmen?

Achternammen: fariaasje genôch!

Wy binne yn Nederlân gek op listkes - lijstjes yn it Nederlânsk. Gelokkich komme dy geregeld yn it nijs. Sa is der in list fan meast foarkommende achternammen yn Nederlân. De top 3: De Jong, Jansen en De Vries. Foar Fryslân is dat krekt even oars: De Vries, De Jong en Dijkstra.

Offisjele achternammen ha der net altyd west. In pear hûndert jier ferlyn kamen achternammen hielendal net foar. Soms wie dat lestich, foaral as der tefolle wiene mei deselde namme, sa as Jan. De minsken setten der dan wat achter. As der praat waard oer 'Jan, de soan fan Willem', dan waard dat al gau 'Jan Willemszoon'. Letter waard dat 'Willemsen'. 'Janszoon' waard koartwei 'Jansen' en 'Pieterszoon' waard 'Pietersen'.

As de namme fan de heit net brûkt waard, wienen de minsken wol op in oare manier kreatyf. As der praat waard oer Jan dy't boer wie, dan wie it Jan de Boer. Soms waard ek de namme fan de boerepleats brûkt, of it plak dêr't ien wenne. Sa wenne Sybren Terpstra op in terp en Pieter van der Vaart sil oan in feart wenne ha. Sa kamen der hieltyd mear achternammen.

Yn de Frânske Tiid (1799-1815) waarden de achternammen offisjeel opskreaun. En ast noch net ien hiest, dan moast ferplicht ien kieze. Dy achternamme soe altyd oergean fan heit op soan. Guon minsken namen dat net serieus. Se keazen út 'e gek in namme: Poepjes, Naaktgeboren, Spetter of Borsten. Doe't de achternammen bleaunen, krigen se dêr wol spyt fan. Foaral lettere generaasjes krigen dêr wol lêst fan. Gelokkich binne der mooglikheden om dyn namme te feroarjen. Der binne ek minsken dy't grutsk binne op har achternamme.

Dat is ek logysk as jo 'Den Hertogh' hjitte, 'Burggraaf' of 'De Ridder'. O ja, de meast foarkommende achternammen yn 'e wrâld binne... Li, Wang en Chang.



Fragen nei it lêzen



1. Lês de tekst. Meitsje de folgjende sin ôf (ûnderstreekje it goede antwurd):
Dizze tekst giet oer...

- a. ferskillen tusken jonges- en famkesnammen.
- b. de skiednis fan achternammen.
- c. minsken dy't gjin achternamme ha.
- d. achternammen út Frankryk.

2. Wêrom wie it nedich dat minsken in achternamme ha moasten? Understreekje dyn antwurd yn de tekst.

3. Yn de tekst wurde ek in pear grappige achternammen neamd, lykas Poepjes en Spetter. Hoe binne dit soarte achternammen ûntstean? Understreekje it goede antwurd.

- a. Omdat guon minsken graach in aparte achternamme ha woenen
- b. Omdat guon minsken sa'n namme foar de grap keazen
- c. Omdat dy nammen yn it ferline wat oars betsjuten
- d. Omdat der gjin oare achternammen mear wienen.

4. 'Gelokkich binne der mooglikheden om dyn namme te feroarjen.' Asto dyn achternamme feroare koest, wat soe it dan wurde en wêrom? Bepaat it yn dyn groepke of mei dyn skoudermaatsje.

5. 'O ja, de meast foarkommende achternammen yn 'e wrâld binne... Li, Wang en Chang.'

- a. Út hokker lân komme dizze nammen, tinksto?

- b. Wêrom binne dit de meast foarkommende achternammen yn 'e wrâld?

6. De titel fan dizze tekst is 'Achternammen: fariaasje genôch!'. Kinsto yn dyn eigen wurden útlizze hoe't it komt dat der sa'n soad ferskillende achternammen binne?

7. Meitsje mei de klasse, of yn groepkes, in oersjoch fan jimme achternammen. Komme de nammen út de Nederlânske of Fryske top 3 ek werom yn jim klas? Kinne jim de nammen ek werombringe nei it ûntstean fan de achternamme (in berop, namme, plak, ensf.)? Jildt dit foar bûtenlânske achternammen ek?

Der op út

Yn Fryslân is in protte te dwaan. Op websiden sa as Visit Friesland en Museum.frl steane in soad tips om der op út te gean. Kinst bygelyks nei in boarterstún gean, bisten opsykje, te fytsen, te farren, nei in museum, film of foarstelling ta of kreatyf wêze. Wy jouwe dy in oantal tips.



Nei de bisten

Wolsto mei in ko krûpe yn Dolsterhuzen? In alpaka aaie yn Warkum? Of pykjes iten jaan yn Rotstergaast? Op it ynternet kinst bisteparken, bernebuorkerijen en oare plakken fine om by de bisten te wêzen. Miskien kinne jim mei alle bern fan de klasse wol in list meitsje fan plakken dêr't jim wolris boarte hawwe of bisten sjoen hawwe.



Blotevoetenpad Opende

Krekt oer de Fryske grins leit in bysûnder paad: it 'blotevoetenpad' yn Opende. Skuon en sokken út en rinne mar! Op dyn bleate fuotten rinst troch de modder, it wetter en it gers. Kinst ek oer beamstammen klimme en oer de sleat springe. Underweis kinst tsjille yn in hingmatte. Doarsto it oan?



Museum Joure

Museum Joure is in te gek museum foar bern – en foar grutte minsken eins ek. Der is in soad te sjen mar do kinst ek lekker oan it wurk. Mei in papier fol opdrachten komst op alle plakken yn it museum en meist allegear dingen dwaan. Ast dyn paske fan de bibliteek meinimst, krijst in euro koarting op de yntreepriis.



Boartsje yn Beetstersweach

Bosk, bistkes en boarterstún yn ien? Yn Beetstersweach kinst boartsje yn de boarterstún oan it Merkelân. Ast dêrnei lâns it hartekamp rinst, komst út by 'de Bosheuvel'. Dat binne hege sânbulten dêr'tst lekker op boartsje kinst. Dêrnei kinst noch te kuierjen troch It Wallebos. Dat is in moai paad fan trije kilometer, mei in flonderpaad oer it wetter.



Spikerdoarp Drachten

Bouwers en betinkers oplet! By it Spikerdoarp yn Drachten kinst sels hutten timmerje. Planken, pealtsjes en hammers binne der wol. Spikers kinst fan hûs meinimme of dêr keapje. Der is ek in boarterstún by mei in kabelbaan, skommels, in glydbaai, in grutte sânbak en in skelterbaan.



Boartersbosk Hossebos Droegeham

Klimme, klauterje en springe yn, by of boppe it wetter fan it Hossebos. Foar lytse bern is der in wetterspiraai mei sân en in stiger om mei in skepnetsje te fiskjen. Foar grutte bern is der in junglebrêge en in spinnewebnet. Kinst wol wiet of fiis wurde dus nim learzens en ekstra klean mei. boppe fjoertoer de Brandaris út. Bist op fakânsje op Skylge, sjoch dan ek seker by dit museum.



Miniature People Leeuwarden

Yn Ljouwert binne oeral hiele lytse popkes ferstoppe. De lytse popkes kinst fine troch de 'Miniature People'-rûte te rinnen. De mini-minskjes dogge allegear wat oars en dat is hiel leuk om te sjen! Fansels meist der net oan komme. Fia Google Maps kinst se makliker fine mar kinst ek in rûtekaart keapje. Op www.miniaturepeopleleeuwarden.nl fynst mear ynformaasje.



Bananemuffins

Wolsto moarns wolris wat oars ite of sikesto in sûne traktaasje? Meitsje dan in kear dizze bananemuffins. Dit resept is foar tsien stiks. Ast it moai wurk fynst, kinst ek wat mear bakke en se ferkeapje op in frijmerk.



Wat hast nedich?

- ▶ 100 gram hjouwarmout
- ▶ 2 ripe bananen
- ▶ 3 aaien
- ▶ 2 tl kaniel
- ▶ moarch fan in fanyljestokje
- ▶ 1 tl bakpoeier
- ▶ in bytsje salt
- ▶ 100 gram rezinen
- ▶ 10 foarmkes foar cupcakes
- ▶ Blender of keukenmaschine

Wat moatst dwaan?

Ferwaarmje de oven foar op 180°. Ming de yngrediïnten, útsein de rezinen, mei in blender of keukenmaschine ta in beslach. Doch dan de rezinen der trochhinne. Set tsien cupcake foarmkes op in bakplaat. Folje de foarmkes foar 2/3 mei it beslach. Bak de muffins yn 30 minuten brún en gear.

PS: rezinen meist ek ferfange troch oare drûge fruchten of stikjes pure sûkelade.

Lekker ite!



Trochstreekpuzel

Streekje de letters fan de wurden fuort yn de puzel. De letters dy't oerbliuwe, foarmje in wurd. Kinsto de puzel oplosse? Skriuw dat wurd yn in e-mail en stjoer dy foar de maaiefakânsje nei tsjl@cedin.nl. Skriuw dúdlik dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailsje.

j	i	e	r	d	e	i	a	r
s	l	n	o	e	r	e	u	e
k	i	m	a	a	r	t	g	b
i	r	ê	y	n	u	j	u	m
e	p	h	r	s	g	h	s	i
p	a	j	e	m	e	c	t	s
y	t	e	t	o	i	i	u	e
l	i	r	n	s	t	m	s	d
u	a	s	i	k	d	i	i	t
j	a	t	w	s	n	o	e	k

Aai
April
Augustus
Desimber
Geit
Hjerst

Jierdei
July
Juny
Maart
Mich
Mosk

Oere
Skiep
Snoek
Tiid
Winter



Riedsels

Wat seit in kat as er him sear dien hat?


Antwurd: mi-auw

Hokker ring kinst ite?

Antwurd: hjer-ring (haring)

Watfoar klean draagt in clown?

Antwurd: In lolbroek en in grapjas



Sudoku

Yn alle fakjes heart in sifer fan 1 oant 9 te stean. Folje de hokjes sa yn dat yn alle rigen (fan links nei rjochts), alle kolommen (fan boppe nei ûnderen) en yn alle blokken de sifers 1 oant en mei 9 ien kear foarkomme. Tip: begjin mei kolom 6 (fan links ôf besjoen).

5		6	4		2		9	
3					1	4		
	1		5		7	6	3	
9	3				5			1
2				4		7		
		5		8	3	2	6	
7		1			6			4
	5	2	9			3	8	
			2		8	5	1	

$$\text{Strawberry} + \text{Strawberry} + \text{Strawberry} = 21$$

$$\text{Strawberry} + \text{Orange} + \text{Orange} = 29$$

$$\text{Orange} + \text{Apple} + \text{Orange} = 26$$

$$\text{Strawberry} + \text{Orange} + \text{Apple} = ?$$



Josje

Stront

